

Fryske Krite Hoarn

“Troch de Tael Forboun”

Y N H A L D maart 2019

Oan ús kriteleden en freonen,.....	2
Ledeberjochten.....	5
Ferlotting en tagongsprizen.....	6
Stipers fan de krite	7
Gedicht ‘winter’	8
Útnoeging foar 23 maart 2019	9
Rabo Clubkas Campagne	11
Douwe Egberts punten	13
De wurklist winterskoft 2018-2019	14
Frysk folksliet (“De âlde Friezen”).....	15
Bestjoer Fryske Krite Hoarn	16

Kvk. Nummer: 5324 1274

Rabobank rekken: NL54 RABO 0162 2705 77

Lid fan It Frysk Boun om Utens

www.fryskbutenfryslan.frl

Fryske Krite Hoarn

“Troch de Tael Forboun”

Oprjochte 1911

Oan ús kriteleden en freonen,

Alwer it lêste kritekrantsje fan it winterskoft fan ús krite “Troch de Tael Forboun”, dat by jimme yn de brievebus falt. Wat hawwe wy al in moaie jûnen hâlden en no moat de lêste noch komme.

Ja, eltsenien wurd troch de krite útnoege om 23 maart nei de Huesmolen yn Hoorn te kommen. Dan spilet “Pro Rege” út Holwert it stik “In frou fan fiif miljoen”.

It is grif de muoite wurdich. Wy witte dat de spilers tige rol fêst binne en der mei faasje spile wurd. Nim freonen en goekunde en famylje mei nei dizze jûn. De muzyk wurd fersoarge troch Bauke Kooiker út Boalsert.

Freed 22 febrewaris hienen wy in tige slagge jûn mei frou Marijke Griek út Hylpen. Hja fertelde oer de klaaiïng fan de Hylper ‘wiven’. Hoe’t ieuwen lyn allegearre sa kommen is. Wat de betsjutting is fan de rokken en de tearen. De kleuren en de kappen. En dat alles yn de Hylper taal. Mar



elts koe it goed folgje. Nei it skoft fertelde Marijke noch in pear moaie anekdoates fan it Hylper folk. Kostlik. Elts hat mei folle nocht en wille nei trije leginden lústere. It wie in tige slagge jûn en de thúsbljuwers hawwe wat mist.

Wat hawwe wy moai maitiidswaar. Suver te moai. Snein sieten wy moarns yn Barneveld bûten te kofjedrinken en dat op 24 febrewaris. Alles komt ta bloei. Wol tige betiid en ek de ljippen kinne hast de aaien lizze. Ik bin tige benijd wer as it earste fûn wurd. Meinimme mei net mear. Spitich want se binne o sa lekker op in stikje brea.

Jimme bestjoer tinkt alwer nei oer wat der yn it winterskoft 2019-2020 foar jimme op de planken komme sil. It is altyd in hiele poepetoer, mar it is ek alle jierren wer slagge.

Op ús jûn yn jannewaris binne der inkelde nije leden by ús krite kommen. Der binne wy tige bliid mei. Wolkom en fiel jimme gau thús by ús krite.

*Wy binne lykwols bliid
mei al ús leden.*

30 maart hat it Boun om Utens wer har jiergearkomste yn Swolle. Earder kamen der in protte kriteren. No binne der noch 14 kriteren. Jammer dat der elts jier wol wer in krite ophâldt te bestean. . Gjin nije bestjoersleden, net folle besikers of gjin jild mear. Spitich, mar der komme gjin jonge minsken

by. Dy hawwe oare drokte en soks as in krite lûkt ek net mear. Dat is de tiid en der dogge wy neat oan. It is dizze winter wer gjin Alvestêdetocht wurden. Jammer, mar wa wit komt it noch in oar jier. Soms sit ik wolris efkes yn myn âlde Fryske berneboeken te lêzen. Doe wienen it moaie winters, in maaitiid mei it fê yn it lân. Simmers de ûngetiid en hjerstmis de moaie wolken, dy't wyld fleane yn de loft. Ja doe wie alles better sizze se wolris. Mar tiden hawwe tiden en sa is it mar krekt. It stimt wolris in bytsje weemoedich. Mar no sjogge wy út nei in moaie maitiid en in sinnige simmer. Elkenien in goede tiid tawinske. Binne der soms swiere tiden en falt it net altyd ta. Prebearje dan dôchs ek wer sinne en ljochtpuntsjes te sjen. Sa giet it yn it libben. It komt dôchs oars as dat wy tinke. Eltsenien dy't net op ús lêste jûn komme kin, winskje ik in goede tiid ta. Mar ik hoopje dat wy as bestjoer in folle seal hawwe op sneon 23 maart.

Mei freonlike
groetnis,
Tiny Dijkstra



Ledeberjochten

Tige wolkom oan ús nije leden:

- De hear en frou Benedictus fan Andijk
- De hear P. Van Straten fan Wieringerwerf

Nij lid wurde yn 2019?

Wat krijt men derfoar:

De libbende krite 'Troch de tael forboun' organisearret troch de jierren hinne in moai programma foar it winterskoft. In toanielstik, kabaret of in sprekker oer de Fryske kultuer of skiednis. Trije kear op sneontejûn en in kear op freedtejûn mei in sprekker.

De leden binne grutsk op it yn stân hâlden fan de Fryske Taal. Derom hoopje wy dat noch in tal minsken lid wurde.



Wy tinke ek oan minsken dy't op it stuit net nei de krite jûnen komme kinne fanwege sykte as oare swierrichheden. In protte sterkte tawinske.

Ferlotting en tagongsprizen

Lidmaatskip en tagongsprizen:

It lidmaatskip foar ien persoan is 12,50 euro foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie). Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden 2,50 euro en foar **net leden 10,00 euro** mar de lytse jûn is fergees. Opjefte foar it lidmaatskip kinne jo dwaan by de ponghâlder de hear P. Slange

De sealpriis op de grutte jûnen:

Jo kinne dizze sealpriis winne as jo yn 'e seal sitte op ien fan ús grutte jûnen. By de yngong krije jo in nûmer dat kâns jout op dizze sealpriis.

De ferlotting yn it skoft:

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden. De prizen bestean meastentiids út in blomke, oranjekoeke, fleske wyn of oare aardichheden. Jo kinne yn it skoft lotten keapje foar 5 euro en dan krije jo 10 lotsjes fan elk 50 eurosint it stik. Altyd priis by de keap fan 10 lotsjes.

Autoferfier: Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinne kontakt opnimme mei ús skriuwer de hear Vogel (yellowbirds53@gmail.com).

Lief en Leed

Lief en leed berjochten kinne jimme trochjaan oan:
Tine Bouman-Westra

Stipers fan de krite

As wy stipers sizze dan tinke wy oan de advertearders yn it kritekrantsje. Of miskien binne der ek noch bedriuwen dy't in presintsje ynbringe foar de ferlottings. Spitigergenôch is der noch in leech plak op de advertinsje side. Wa wit in Frysk bedriuw? In winkel mei Fryske klanten yn dizze regio? Opjefte by in bestjoerslid.

Yn de sealpriis komme jimme faaks moaie produkten fan Fryske bedriuwen tsjin.



Mar ek binne wy tige ynnomd mei de oranjekoeke dy't Siebe regelt foar de ferlotting op ús kritejûnen.

Gedicht 'winter'

Amperoan in flueske yn 'e feart of
ûnder de wolvemoanne fan 'e nacht
streekje, swetsend en swearend,
oan winter syn stamtafel de wurden

de grutte barte fan de swarte marren oer,
o, man, de iene hurder noch as de oare
yn in âld besykjen en wês earst Tiid
syn ferrifeljende fûgelknip yn 't foar.

Tinkend oan myn âlden en Auden, mei
snieblizzards yn de stegen fan New York
en skysels, wrinzgjend en al dwalend
troch wytberipe hôven boppe Burchwert,

sit ik op yn in kafee by de Potmarge
en folgje, heal besopen, de flokjende
finsters dy't as eagen út in wyt en blyn
Nimmenslân wei my op te nimmen stean.

Der wie in fjoer dat in heit fan de redens
spatte, doe't er, hurder as it ljocht ûnder
Wâldsein (we sein' noch tsjin elkoar:
'Hee do, even kollum en burdaard, no.')

in wek yn fleach en ergens boppe Sleat
mei deselde rotgong, fjouwerjend hast,
wer foar 't ljocht skeat, o, fertel my wat,
fertel my wat, fadertje, fadertje, near nacht.

(oernomd Friesch Dagblad, Eeltsje Hettinga)



Útnoeging foar 23 maart 2019

It bestjoer fan de Krite Hoarn noeget al har leden, sibben en kunde út foar har grutte jûn op 23 maart 2019 om 20.00 oere yn 'e Huesmolen te Hoarn foar in toanielstik:

'In frou fan fiif miljoen'

spile troch

Toanielferiening Pro Rege Holwert

By Swa is in restaurant, ergens yn Fryslân en Francois, de eigner, is in poerbêste sjef-kok. Geraldine is syn takomstige frou. Francois kin fan syn omke erve mar allinnich as hy mei Geraldine trout, mar wol Francois wol mei har trouwe? Hy hat mear each foar Claudia, de tsjinstster fan it restaurant, mar sy hat in relaasje mei barman Tom. Der is allegear argewaasje yn de koken, nuvere ûngemakjes en de ynspeksjes fan folkssûnens dy't lâns komt. Wat hawwe koken help Isabelle en har suster Albertine by it ein en wa is de Italiaan dy't gjin wurd Frysk ferstiet? In spul fan ferwarring, in kleaune fan yntriges .. hoe sil it komme mei Francois syn restaurant?

De spilers fan Pro Rege:

Willem Verbeek	Francois Nicolaes, baas fan restaurant By Swa
Hillie Portiek	Geraldine de Betancourt, takomstige frou fan Francois
Johanna v.d. Meij	Claudia, de betsjinster
Dikkie v.d. Wal	Tom, de barman
Evelien v.d. Wal	Albertine, sus fan Isabelle
Agnes Waterval	Katryn, kok
Lelie de Blécourt	Isabelle, help yn de keuken
Nico Bierma	Carlo Mozarella
Annie Meindersma	Helge Poot, ynspektrise



Lucas de Blécourt Regisseur
Baukje Verbeek rezjy assistinte

Bouploech: Valentijn, Johannes, Anne en Jan Paul.

♪♪♪♪♪ De muzyk op dizze jûn wurd fersoarge troch
Bauke Kooiker ♪♪♪♪♪

Rabo Clubkas Campagne

Ek dit jier komt der wer in
**Rabo Clubkas
Campagne.**

It hat ús ferline jier in moai
bedrach oplevere, dat wy
wolle graach dat jimme
allegearre wer meidogge!
Noch efkes de regels:



Wy moatte **safolle mooglik stimmen sammelje foar ús Krite**. Dy stimmen binne **jild wurdich!** Hoefolle, dat wurdt yn juny bekend makke.

Allinne leden fan de Rabobank West Fryslân kinne stimme. As jo as partikulier persoan in rekken ha by de Rabobank West Fryslân, kinne jo lid wurde. Hawwe jo in “ en/of rekken”, dan kinne jo **beide** lid wurde. Dit kostet neat en kin ienfâldich regele wurde fia it ynternet bankieren op de homepage en dan nei ûnder yn it skerm troch it wurd ‘Leden’ oan te klikken

[Rabobank](#)

[Over Rabobank](#)

[Rabo Foundation](#)

[Actueel](#)

[Sponsoring](#)

[Vacatures](#)

[Leden](#)

[Ik wil het lidmaatschap aanvragen](#)

Fansels kinne jo ek efkes skilje of nei in kantoar fan de Rabobank gean om dit te regeljen. Dit moat foar 1 april regele wêze.

Elts lid krijt yn april in stimkaart mei 5 stimmen en kin dan mei 2 stimmen op de Fryske Krite stimme. It is hiel wichtich, dat jo alle stimmen brûke en foar 14 maaie stimme, oars is it net jildich!

Wy hoopje fansels, dat jimme allegearre sa folle mooglik op ús Krite stimme en dat jimme ek kunde, buorlju, famylje, freonen, ensfh. fersykje wolle om op de Fryske Krite Hoarn te stimmen.

Mochten jo noch fragen ha, dan kinne jo fansels kontakt opnimme mei ien fan de bestjoersleden.

Popke Slange
Harmke Burggraaff



Afûk Fryske boek- en kadowinkel
Boterhoek 3, Leeuwarden (tegenover de Oldehove)

Douwe Egberts punten

In protte minsken sparje noch altyd Douwe Egberts punten. Dizze waardepunten meie ek foar goede doelen brûkt wurde. Ien fan de doelen is kultuer, lykas in Fryske Krite.

Derom wol ús Krite Hoarn ek meidwaan oan it garjen fan dizze waardepunten. De krite kin dan produkten krije foar dizze punten en dat stipet de krite.

De waardepunten kinne jo ynleverje op de kritejûnen, by de yngong fan de seal stiet dan in doaze.



Nimme jo de punten mei nei de kritejûn?

De wurklist winterskoft 2018-2019

23 maart 2019
om 20.00 oere

3e grutte jûn: Pro Rege fan
Holwert mei it toanielstik
'IN FROU FAN FIIF MILJOEN'

**Lokaasje fan de Krite Hoarn
De Huesmolen 60,
1625 HZ Hoorn.
0229 – 234390**

Frysk Boun om utens

Op 30 maart 2019 sil de Algemeine Gearkomste hâlden wurden by de krite Swol. De krite Swol hat dan 120 jier bestien en is ien fan de âldste kriteren fan ús lân!!

Fan 19.00 oere ôf is der ynrin. Dan komt Bennie Huisman mei syn nije programma: 'De lange reis nei Berlyn'.

Grand Café Restaurant
Urbana, Wipstrikkerallee
213, 8025 AH Zwolle



Frysk folksliet (“De âlde Friezen”)



Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.
En bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.
It Fryske lân fol eare en rom.
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dizze âlde namme,
Wêz jimmer op dy âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,
In grien, in krêftich bloeijend leat!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Bestjoer Fryske Krite Hoarn

Foarsitter: Tiny Dijkstra-de Vries
Till.: 0227 501050
e-mail: ak.dijkstra@quicknet.nl

2e Foarsitter: Douwe Hoekstra
Till.: 0229 211749
e-mail: ddhoekstra@quicknet.nl

Ponghâlder¹ en
lede-administraasje: Popke Slange
Till.: 0229 234881
e-mail: pslange@icloud.com

Skriuwer: Jan Vogel
Till.: 0229 234012
e-mail: yellowbirds53@gmail.com

Oare bestjoersleden:

Jetske Leenstra-de Groot Till.: 0229 263735 e-mail: jetskeleenstra@me.com	Renske Nauta-Haagsma Till.: 0229 237267 e-mail: dirkrenske@gmail.com	Harmke Burggraaff-Adema Till.: 0229 238284 e-mail: harmke.burggraaff@quicknet.nl
---	---	--

Eareleden: De hear Popke Slange
De hear Eppie Kloezen

Lief en leed: Tine Bouman-Westra,
Till.nr. 0226-353385



¹ Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn